

Yn it spoar fan Hieke Hornstra....

Ik dacht al wat rookt het hier

Wy bliuwe noch in amerij op de Bargebek, wer't de herberch no wer Boswijck hjit – tiden hawwe tiden. Foar dokter Hattink oer wenne Kees Hoekema, hjir al in kear beskreaun. Kees hie in handel yn feefoer, swarte brand en hie in hinnebuorkerij. Gjinn megastâl, mar in moaie keppel lizhinnen. Dy moasten yninte wurde en dan waard ik ynskeakele. Ik sloech dan in heak om de poaten en luts de fladderjen bisten omheech, Kees plukke wat fearkes fuort en joech harren in spuutsje. Kees Hoekema wie in warber man yn Wikel, hy siet yn de iisklub, pleatslik belang en de feestkommisje. Boppedat de man fan: 'Wat silst my no fertelle...'

Njonken him, ûnder itselde dak, wenne frou Swart, de beppe fan Henk en syn broers en susters. Doe't myn heit en mem trouden, krigen se fan frou Swart in prachtich teeservies – wy ha it noch altiten – mei de wurden: 'As ik wat jou, dan jou it wat goeds, oars jou ik neat.' Letter wenne Ane Prins dêr, de broer fan bakker Auke Prins en noch wer letter Schaafsma en de frou.

Yn de sleat foar it hûs sieten salamanders. Dat wy mei in netsje oan in stokje op salamanderjacht. Hiest ien te pakken dan kaam dy yn in jampotsje mei kroas en wetter. De fangst waard letter thús yn it finsterbank setten oant de salamanders beliis joechen. Wy dienen ek oan hoepeljen en it sammeljen fan autonûmers. Sa faak kaam der net in auto oer de Bargebek, dat it wie in hiel karwei om in skrift fol te krijen.

Even fierder – wer't letter Willem Leffterstra wenne – wie it stee fan frou Visser en har dochter Antsje. Antsje troude mei in Prins fan Harich – ek in bakker, hoe kin it oars – en ferhúze nei Bloksyl. De saak hat him letter gâns útwreide. As wy no by ús Herre yn Lelystad binne, helje wy hast altiten bôle by bakker Prins. Soks hat wat, fine wy.

In hûs fierder wie de wente fan plysje Walda. Wat hie in plysje yn Wikel no te ferstriken, tink je no. Grif net folle. In fyts sûnder achterljocht, sjen as it kafee wol om tolve oere ticht gong, mei in optocht yn 'Paradeschritt' foarop rinne en it aaisykjen yn de foarbearne tiid yn de gaten hâlde. Doe't immen yn de Norde syn hûs yn de brân stuts, útnaaide en letter op de plak fan it delikt weromkaam – piromanen

dogge dat hast altiten – sei in omsittend laach: 'Je huis staat in brand', want it wie in Hollander. De man yn kwestje: 'Ik dacht al wat rookt het hier.' Hy waard oanhâlden, achter op de brommer fan de plysje setten en nei it kasjot yn Sleat brocht. As hy der fan trochgongen wie hie de plysje him noait ynhelle, wat harren kondysje wie as dy fan in parkwachter.

Walda hie ek in grutte bouvier dy't ôfrjochte wie als plysje hûn. Walda syn soan, Appie, siet by de wegenwacht. Dan kaam hy op dy grutte motor mei zijspan en mochten wy as jonges even sittend op dy bak mei Wikel om. In sensaasje fan heb-ik-jou-daar.

It rychje hûzen waard ôfsletten troch ûnder oaren dat fan Rein van der Werf, dy't lykas ús heit ek jong ferstoarn is. Harren soan Ypie hat grif ris goed om him hinne sjoen, want hy waard ek bakker yn Warkum. Dy bakkery bestiet noch altiten en Van der Werf hat jierrenlang in lunchroom hân by de middelste brêge yn Balk. Spitich dat dy opdoekt is. De femylje Batstra joech har del yn it lêste hûs foar de smidse fan Kuperus.

Letter mear.

Willem Stegenga